

PARSEBERJOCHT

12 maaie 2016

Finale Sjongfestival foar bern 2016

Freed 20 maaie yn de Lawei yn Drachten

Wa wurdt dit jier de winner fan it Sjongfestival foar bern? Freed 20 maaie komme wy dat te witten, want dan wurdt foar de tsiende kear de grutte finale fan it Sjongfestival foar bern hâlden. De finale begjint om 19.30 oere en wurdt hâlden yn De Lawei yn Drachten. It Sjongfestival foar bern is in inisjatyf fan Cedin, Afûk, Keunstwurk en Omrop Fryslân.

De saakkundige sjuery fan de finale bestiet út Krijn Jacob Dijkstra (bekend fan it duo: 'Die Twa'), Janneke Brakels (sjongeres en jout sjongles) en Rodney Elzer (bekend fan 'The Voice of Holland en sjongcoach). De finale wurdt presintearre troch Raynaud Ritsma en Geartsje de Vries. Raynaud is bekend fan Tsjek, it skoaltelefyzjeprogramma fan Omrop Fryslân. Geartsje is ek bekend fan Omrop Fryslân.

Yn de finale steane 8 basisskoallen út Fryslân. Dy skoallen binne út de foarrondes kaam dy't ôfrûne perioade hâlden binne yn Wommels, Burgum en op De Jouwer.

De Balsemyn	Eastermar	'Merke'
It Twaspan	Wynjewâld	'Ik ha talint'
Ds. Hasperskoalle	Akkrum	'Ien en Ien'
De Wyngert	Drachtster Kompanije	'Keet!'
De Sprankel	Stiens	'In hiele rare dei'
It Finster	Warkum	'Mei juf mear muzyk'
De Mienskip	Bûtenpost	'Do hearst der by!'
It Klimmerblêd	Sint Nyk	'Dyn talint is ús gelok'

De skoallen stride om de Karin de Jong wikselbokaal. Fierders is der in brúnzen, sulveren en gouden mikrofoan foar de nûmers 3, 2, en 1. In oantal skoallen hat der dit jier foar keazen om mei te dwaan mei in selsskreaun nûmer. Foar dy skoallen is der in tekstpriis. De sjueryleden foar dy tekstpriis binne Sytse Broersma en Jurjen van der Meer, beide tekstskriuwers. De tekstpriis wurdt bekend makke yn de finale.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo ek kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân.

PERSBERICHT

12 mei 2016

Finale Sjongfestival foar bern 2016

Vrijdag 20 mei in de Lawei in Drachten

Wie wordt dit jaar de winnaar van het Sjongfestival foar bern? Vrijdag 20 mei komen we dat te weten, want dan wordt voor de tiende keer de grote finale van het Sjongfestival foar bern gehouden. De finale begint om 19.30 uur en wordt gehouden in De Lawei in Drachten. Het Sjongfestival foar bern is een initiatief van Cedin, Afûk, Keunstwurk en Omrop Fryslân.

De deskundige jury van de finale bestaat uit Krijn Jacob Dijkstra (bekend van het duo: 'Die Twa'), Janneke Brakels (zangeres en geeft zangles) en Rodney Elzer (bekend van 'The Voice of Holland' en zangcoach). De finale wordt gepresenteerd door Raynaud Ritsma en Geartsje de Vries. Raynaud is bekend van Tsjek, het schooltelevisieprogramma van Omrop Fryslân. Geartsje is ook bekend van Omrop Fryslân.

In de finale staan 8 basisscholen uit Friesland. Die scholen zijn uit de voorrondes gekomen die afgelopen periode gehouden zijn in Wommels, Burgum en Joure.

De Balsemyn	Eastermar	'Merke'
It Twaspan	Wijnjewoude	'Ik ha talint'
Ds. Hasperskoalle	Akkrum	'Ien en Ien'
De Wyngert	Drachtstercompagnie	'Keet!'
De Sprankel	Stiens	'In hiele rare dei'
It Finster	Workum	'Mei juf mear muzyk'
De Mienskip	Buitenpost	'Do hearst der by!'
It Klimmerblêd	Sint Nicolaasga	'Dyn talint is ús gelok'

De scholen strijden om de Karin de Jong wisselbokaal. Verder is er een bronzen, zilveren en gouden microfoon voor de nummers, 3, 2 en 1. Een aantal scholen heeft er dit jaar voor gekozen om mee te doen met een zelfgeschreven nummer. Voor die scholen is er een tekstprijs. De juryleden voor de tekstprijs zijn Sytse Broersma en Jurjen van der Meer, beide tekstschrijvers. De tekstprijs wordt bekend gemaakt in de finale.

Noot voor de redactie / uitnodiging voor de pers:

Voor meer informatie kunt u ook contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân.